

(Un) Frysk en (un) Frij

Oan'e ein fan it dichtersfestival „Dichter bij dichter” (25-11-'87), der't ik as iennichst Frysktalich dichter foar út-noege wie, neamde deputerarre Liemburg my foar in grôtfolle Harmonieseal: „een ambassadeur van de Friese cultuur” (LC 26-11-'87). Dy earetitel haw ik fansels fuortendaliks - tusken de sjek en de sjeks - yn'e bûse stutsen. No stie ik yn bestân om myn helpende ambassadeurs-hân yn Brabân út te stekken, fanwegen ús Frysktalige steatestikken dêr, doe't ik ferbjustere waard troch it folksûneigenaardich útstel fan dyselde deputerarre Liemburg, om it wykblêd Frysk en Frij in poat fan f 150.000 ûnder it brânhoutmeagere gat wei te seagjen. En kjel fan it nijs frege ik my ôf oft ik no wier yn in politike slachterij bedarre wie.

Om't Brabân wachtsje kin, wol ik my earst as ambassadeur fan de Fryske kultuer (yn'e foarm fan Frysk en Frij) opsmite. Net út eigen belang, want as gere-

geld meiwurker fertsjinje ik gjin sint (ambassadeur sûnder portefeuille), mar

út solidariteit mei de 5000 abonnees fan Frysk en Frij, dy't steane foar har kran-te yn har (ús) taal, dy't de measten, nee, net op skoalle, mar troch eigen wil en niget leare moesten!

Yn 1983 is besletten, dat Frysk en Frij yn 1987 sa'n 7.000 abonnees hawwe moast. Mar is 5.000 (tusken de 15 en 20.000 lêzers) al net in hiel soad op in tal fan sawat 300.000 Frysk-praters? Elk Hollânsk-talich wykblêd soe yn ferhâlding minstens it dûbele oantal fan har eigen abonnees hawwe moatte. Dat is dus sa gek noch net. Yn dat ferbân moat rekken holden wurde mei gjin of amper ûnderwiis yn it Frysk. (Elkenien kin wòl Hollânsk lêze, frjemdernôch.)

It is net sa, dat it tal abonnees minder wurdt. It stabilisearret him. Dy stabilise-

arring fan dat hege oantal wust der op, dat der wat geande is mei Frysk en Frij. En men moat wol sa blyn as in Frysk hynder wêze, wol it jin net opfallen wêze, hoe't de kwaliteit - sawol ynhâldlik as úterlik - hurd op wei is nei in profes-sioneel peil (myn bydragen stean, hjir, bûten spul). Soks kin allinnich mar troch fyzje, kundichheid en idéalisme: de trijetine fan geastlik-kultureel foar-útbuorkjen, en hieltyd wer prippend yn loaiens, sleauwens en hopeleazens. Dêrfandinne ferhege ek de kwantiteit: fan sechtjin op tweintich siden wyks.

Frysk en Frij is unyk troch it feit, dat alle advertinsjes (op in pear nei) Frysk-talich binne. Dat betsjut sawol taalferri-king as taalbefoarding en net foar in bytsje: f 130.000 yn 1987. En dat groeit noch altyd.

Frysk en Frij, wurdt wol sein, is foar „de gewoane man”. Faak skûlet dêr lyts-aching yn. Dêrom neam ik dat in fersin.

At der lykwols mei bedoeld wurdt, dat, minslik besjoen, de iene neat mear as de oare is, dan hear ik by dy, troch Frysk en Frij foar fol oansjoene, gewoane man. Ut dat (net partij-politike) sosjalistyske stânpunt wei, is it dan ek wrang, dat krekt de PvdA-deputerarre in wraam docht yn'e rjochting fan dat Frysk en Frijlêzend publyk.

At dat sa troch giet, freechje ik my ôf; moat dan, lang om let, inkeld it wekblêd fan Bokwerd oerbliuwe en spiegelje ús ús fertutearze taal foar? Om it safier niet komme te litten, rop ik, as dichter fan ús taal, dan ek alle leden fan de Fryske Steaten op om mei de bewende nochterheid fan dizze wynderige, grize hoeke, trend fan tradysje, momint fan skiednis en 1983 fan 1987 skiede te wollen, yn'e miuwske needgjalp, dat it in sljochte fû-gel is, dy't syn eigen nêst beskyt!

Ljouwert.

Tsjêbbe Hettinga.